

FNP, dhr. S. Posthumus
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 12 septimber 2017
Ferstjoerd, **12 SEP. 2017**

Ús merkteken : 01446202
Ôfd/Opjefte : Mobiliteit
Opsteld troch : S.I. van der Meulen / (058) 292 5467 of s.i.vandermeulen@fryslan.nl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beantwurdig skriftlike fragen FNP oer Ynkomsten fan ferkears-oertredings

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan keft 39 fan it Reglement fan Oarde, ynkommen op 14 july 2017 beantwurdzje wy als folgt.

Ynlieding:

De kommende jierren sille der trajektkontrôles ynfierd wurde op de provinsjale diken N351 en N381 én komt in útwreiding fan it tal flitspeallen yn Fryslân by Tsienzerbuorren (N354) en Burchwert (N353), beide ek provinsjale diken (Friesch Dagblad 6 july 2017).

De FNP kin him foarstelle dat yn it ramt fan de ferkearsfeiligens dy beide maatregels dien wurde mar hat soarch oer de 'boeterein'. It kin net sa wêze dat brûkers fan de provinsjale diken dit aansens beskôgje sille as in ynkomeboarne om de kas fan it Ryk te spekken sûnder dat dêr ferbettering fan de feiligens oan de diken sels of help by it ferbetterjen fan ferkearsgedrach tsjinoer stiet. It binne ommers kontrôles by provinsjale diken, dy't betelle én ûnderholden wurde troch de provinsje mar wêrby't it boetjild dêrnei nei de Steatskas ta ferdwynt.

Dêrom fynt de FNP it earliker en rjochtfeardiger dat de ynkomen fan ferkearskontrôles op provinsjale diken by de provinsje bliuwe en ek echt allinnich mar brûkt wurde om de ferkearsfeiligens fan de diken yn Fryslân (fierder) te ferbetterjen of in ferkearsfeilich gedrach te befoarderjen.

Fraach 1:

Is it Kolleezje ree om, yn neifolging fan de gemeenten, ek by it Ryk te pleitsjen om de ynkomen van ferkears-oertredings by provinsjale diken sels hâlde te kinnen (lykas gemeenten yn it ferliene sels ek de ynkomen hâlde mochten)?

Antwurd fraach 1:

It antwurd op dizze fraach is: nee.

Yn de taljochting op jo fragen giene jo der fan út dat de oansteande ferkearskontrôles by provinsjale diken betelle en ûnderhâlden wurde troch de provinsje. Dat is lykwols net it gefal. De apparatuer foar de kontrôles is en bliuwt eigendom fan it lepenbier Ministearje en de ferwurking fan de gegevens wurdt útfierd troch it CJIB.

Fierder is dit in strafrechtlike saak en dat is it foech fan it lepenbier Ministearje

Om die reden soe it frjemd wêze dat wy pleitsje foar it oerdroegen krijen fan de ynkomsten út de kontroles.

Fraach 2:

Is it Kolleezje ree om it underwerp "Ynkomsten fan ferkearsoertredings" ek (fia VNG/IPO) yn te bringen as mooglike nije ynkomsten-boarne foar de desintrale oerheden? Dat as elemint yn de lanlike diskusje om gemeenten en provinsjes mear eigen belestingynkomsten te jaan, wêrby 't it totale nivo van belestings net omheech giet.

Antwurd fraach 2:

It antwurd op dizze fraach is: ja.

Yn it rapport Ynterdepartementaal Beliedsûndersyk "Ferkearshandhaving" (medio jannewaris 2017) steane in oantal ynteressante beliedsfarianten beskreaun. It hjoeddeistige Kabinet lit in reaksje op de mear fundamentele stelselwizigingen oer oan in nij Kabinet en de sûnt maart 2017 nije Twadde Keamer.

De reaksje fan in nij Kabinet foarmet in moaie oanlieding foar de troch jo foarstelde diskusje. Troch de reguliere P&Csyklus hâlde wy jo op de hichte fan de fuortgong.

Mei rju heechachting,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

dr. W.J. van Elsacker, sekretaris